



TAALBELIED

GEMEENTE NOARDEAST-FRYSLÂN

Mei elkoar Foarút mei it Frysk 2020-2026

GEMEENTE
NOARD
EAST FRYSLÂN

Ynhâld

Ynlieding	2
1. Algemien	3
2. Wetlik ramt	4
3. Taalsituaasje	6
4. Yn ús organisaasje	8
5. Underwiis	11
6. Sûnenssoarch en wolwêzen	16
7. Media en kultuer	17
8. Bedriuwslibben en toerisme	18
9. Beliedsfoarnimmers en finânsjes	19

Ynlieding

It Frysk heart by dizze regio. Neist it Frysk en it Nederlânsk hawwe wy te krijen mei ferskate streektalen, dy't ús regio bysûnder en unyk meitsje. Dêr binne wy grutsk op en wy wolle graach dat al dy talen noch lang bewarre bliuwe. Yn de koalysje-aginda is hjirfoer it folgjende opnaam: *Het Frysk hoort bij deze regio, bij de eigenheid van dit gebied. Meertaligheid bevordert opvoeding en ontwikkeling. We maken ons sterk om dit te behouden, stimuleren en te versterken. Dit willen we vormgeven door: Uitwerking te geven aan het bestuursakkoord dat met het ministerie van BZK gesloten is om meertaligheid te bevorderen.* Dit foarnimmen is wêrom te finen yn de algemiene doelstelling fan it Frysk taalbelied: *“It kreëarjen fan rânebetingsten foar it behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal.”*

In protte ynwenners fan ús regio hawwe it Frysk, of ien fan har farianten, as memmetaal. Taal is yn ús identiteit in hiel wichtich, miskien sels wol it wichtichste elemint. As gemeente fine wy it fan grut belang dat dy talen op de lange termyn ek noch libben binne, troch ús ynwenners praten wurde en troch ús as oerheid brûkt wurde. Wy wolle der dêrom alles oan dwaan om de meartaligens, wêryn't it Frysk in belangrike posysje hat, yn ús gebiet te behâlden en te fersterkjen en sichtber wêze te litten.

Yn dit beliedsplan kinne jo lêze hoe't wy de Fryske taal en syn farianten behâlde wolle, hoe't wy it Frysk in prominint plak jaan wolle yn ús wurk en hoe't wy de Fryske taal brûke wolle yn ús omgong mei ynwenners, bedriuwen, maatskiplike organisaasjes en oare oerheden.

Mei yngong fan 1 jannewaris 2019 is de gemeente Noardeast-Fryslân ûntstien. Mei nije gemeentegrinzen en in nije gemeenteried, koartsein: in nije situaasje. Yn 'e mande mei de gemeente Dantumadiel is de bestjoerlike oerienkomst Frysk ûndertekene. Ek yn dizze nije situaasje wolle wy 'Mei elkoar Foarút mei it Frysk'.



1. Algemien

Op grûn fan de Wet gebrûk Fryske taal moatte desintrale oerheden yn de provinsje Fryslân regels opstelle oer it brûken fan de Fryske taal. De gemeente docht dat troch de wei fan in taalferoarding en in taalbeliedsplan.

It foarige Fryske taalbeliedsplan 'In nij begjin...' rûn fan 2017 oant en mei 2020. Dat belied is opsteld yn oanrin nei de fúzje yn 2019. It útgongspunt wie om te kommen ta ien stik, dêr't alle fjouwer eardere DDFK-gemeenten har yn fine koenen. Wêr't ferskillen wienen tusken de gemeenten binne wy yn goed oerlis ta deselde beliedsfoarnimmens kommen. It beliedsstik 'In nij begjin...' is fêststeld troch de eardere gemeenten Ferwerderadiel, Kollumerlân c.a. en Dantumadiel. De eardere gemeente Dongeradiel hat fêstholden oan syn besteande belied.

Fanwegen de weryndieling binne wy ta oan in nij Frysk taalbelied, wêryn't wy benammen ynsette op streektaal, meartalich ûnderwiis, kommunikaasje mei de boargers, personielsbelied, sichtberens fan it Frysk en kulturele ympulzen.

1.1 Lêswizer

Dit beliedsstik, dat de namme 'Mei-elkoar foarút mei it Frysk' krigen hat, bestiet út njoggen haadstikken. Nei dit algemiene haadstik, dêr't ús doelstellingen yn beskreaun wurde, folget yn haadstik 2 in oersjoch fan it wetlik ramt fan it Fryske taalbelied. Haadstik 3 omskriuwt de unike taalsituaasje dy't wy yn ús gemeente hawwe en yn haadstik 4 is te finen hoe't wy dêrmei omgeane yn ús gemeentehûs. Haadstik 5 jout ynformaasje oer it Frysk yn sawol it foarskoalsk-, basis-, fuortset- en folwoeksene-ûnderwiis. De haadstikken 6, 7 en 8 jouwe respektiflik wer hoe't wy yn ús gemeente omtinken jouwe oan it Frysk yn de sûnenssoarch en it wolwêzen, de media en kultuer en it bedriuwslibben en toerisme. As lêste wurde yn haadstik 9 gearfetsjend ús beliedsfoarnimmens neamd en de budzjetten.

1.2 Doelstelling

De algemiene doelstelling fan it Frysk taalbelied is: *"It kreëarjen fan rânebetingsten foar it behâld en fuortsterkjen fan de Fryske taal."*

Dêrby jildt it útgongspunt dat de ynwenners fan ús gemeenten harren eigen taal brûke kinne om harren fragen te stellen en harren winsken dúdlik te meitsjen. Frije taalkar en respekt foar dy kar is ús útgongspunt. Foar it grutste part fan ús ynwenners is it Frysk de memmetaal, en datselde jildt ek foar de meiwurkers fan ús gemeenten. It jout fertrouwen om jinsels uterje te kinnen yn jins memmetaal, boppedat soarget taal ek foar (fer)bining tusken minsken ûnderling.

By it realisearjen fan dy doelstelling hantearje wy de folgjende útgongspunten:

De gemeente Noardeast-Fryslân stribbet nei lykweardigens yn talen:

Us taalbelied is basearre op lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk. Dêrom fine wy it tige wichtich dat boargers, amtners en bestjoerders sels kieze kinne oft se Frysk of Nederlânsk prate en skriuwe. Dêrby hawwe wy respekt foar elk syn taalkar.

De gemeente Noardeast-Fryslân kiest foar twataligens:

Wy meitsje in kar foar de Fryske of de Nederlânske taal. Twataligens docht rjocht oan it begjinsel fan lykweardigens, mar freget wol in bewuste kar yn alle situaasjes.

De gemeente Noardeast-Fryslân hat in foarbyldfunksje:

Wy binne ús bewust fan ús foarbyldfunksje en litte oan ús ynwenners sjen dat der yn ús gemeenten sawol Frysk as Nederlânsk sprutsen en skreaun wurde kin. Dêr't dat mooglik is, besykje wy de sichtberens fan it Frysk te fergrutsjen en it draachflak te ferbreedzjen.

2. Wetlik ramt

It Frysk is in minderheidstaal yn Nederlân en wurdt dêrom op sawol ynternasjonaal en nasjonaal, as op provinsjaal en gemeentlik nivo beskermde. Ferskate ynternasjonale ferdraggen, nasjonale wetten en oare bestjoersôfspraken stelle easken oan it Fryske taalbelied. De wetlike ramten en rânebetingsten fan it Fryske taalbelied wurde yn dit haadstik beskreaun.

2.1. Ynternasjonaal

Op ynternasjonaal nivo binne it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden (it Ramtferdrach) en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden (it Hânfêst) fan tapassing op de Fryske taal. Dy ferdraggen binne opsteld troch de Ried fan Europa en jouwe bepaalde rjochten en frijheden op it mêd fan de Fryske taal.

It Ramtferdrach

It doel fan it Ramtferdrach is *'it befoarderjen fan de folsleine en feitlike gelikensens fan ta nasjonale minderheden behearrende persoanen, op alle ekonomyske, maatskiplike en kulturele terreinen'*.

De Friezen binne yn Nederlân de iennige nasjonale minderheid en dêrom ûntsteane der op grûn fan it Ramtferdrach bepaalde rjochten en frijheden foar harren, ek oangeande de Fryske taal. Foarbylden dêrfan binne it rjocht om de eigen namme yn de eigen taal te brûken, it rjocht om yn it iepenbier ynformaasje yn de eigen taal te fersprieden en it rjocht om topografyske oantsjuttingen yn de eigen taal te brûken.

It Hânfêst

Behalve it Ramtferdrach is ek it Hânfêst fan tapassing op de Fryske taal. It haaddoel fan it Hânfêst is it befoarderjen en it beskermjen fan de Fryske taal yn it deistich libben. Fan in lidsteat lykas Nederlân wurdt troch it ûndertekenen fan it Hânfêst ferwachte dat der ynstien wurdt foar Frysktalich ûnderwiis, Frysktalige foarsjenningen yn de media lykas kranten, radio en telefyzje, mar ek foar Frysktalige foarsjenningen yn it iepenbier bestjoer.

It Hânfêst ûnderskiedt sân domeinen, it saneamde menu-systeem, dêr't ek de gemeente omtinken oan jaan moat: ûnderwiis, bestjoer, media, kulturele aktiviteiten en foarsjenningen, ekonomysk en sosjaal libben, soarch en wolwêzen en bedriuwslibben.

Twa belangrike bepalingen út it Hânfêst binne de artikels 4 lid 2 en 7 lid 1 sub b. Dy artikels skriuwe foar dat nije bestjoerlike weryndielingen gjin beïndering foarmje meie foar it befoarderjen fan de Fryske taal.

2.2. Nasjonaal

De bepalingen en maatregels út de boppeneamde ynternasjonale ferdraggen wurde troch Nederlân as lidsteat ymplementearre yn nasjonale wetjouwing (de Wet gebrûk Fryske taal) en de BFTK.

Wet gebrûk Fryske taal

Mei yngong fan 1 jannewaris 2014 is de Wet gebrûk Fryske taal fan krêft wurden yn Nederlân. Dy wet leit de offisjele status fan it Frysk as twadde rykstaal fêst. Dat jout boargers yn de provinsje Fryslân it rjocht om de Fryske taal te brûken yn it kontakt mei rjochterlike ynstânsjes en bestjoersorganen, sawol yn it skriftlike as yn it mûnlinge ferkear.

Op grûn fan de Wet gebrûk Fryske taal moatte gemeenten in taalbelied opstelle oer it gebrûk fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnlinge ferkear. De gemeente docht dat oan 'e hân fan it menu-systeem ôfkomstich út it Hânfêst, dat ek hantearre wurdt yn de BFTK. Dy regels befetsje yn alle gefallen bepalingen dy't rjochte binne op it fersterkjen fan de posysje fan de Fryske taal binnen ús wurkgebiet.

Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) stelle it Ryk en de provinsje Fryslân periodyk fêst hoe't sy de bepalingen út it Europeesk Hânfêst neier útwurkje, om sa te foldwaan oan de mienskiplike ferantwurdlikheid dy't sy hawwe oangeande de Fryske taal en kultuer. De no jildende BFTK is op 30 novimber 2018 ûndertekene troch de Minister fan Binnenlânske Saken en Keningrelaasjes en de Kommissaris fan 'e Kening.

2.3. Desintraal

Op basis fan de Wet gebrûk Fryske taal moat de gemeente in Frysk taalbelied opstelle. Troch it ûndertekenen fan in bestjoerlike oerienkomst yn 'e mande mei it Ryk en de provinsje Fryslân, hawwe de gemeenten Noardeast-Fryslân en Dantumadiel harren bûn oan bepaalde ôfspraken oer it nije Fryske taalbelied.

Bestjoerlike oerienkomst Frysk taalbelied

Op 30 novimber 2018 hawwe de boargemasters fan de eardere gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel, Kollumerlân c.a. en Dantumadiel yn 'e mande mei it Ryk en de provinsje Fryslân in bestjoerlike oerienkomst ûndertekene. Yn dy bestjoerlike oerienkomst wurdt ôfpraat dat it nij te foarmjen Fryske taalbelied yn oerienstimming is mei ynternasjonale ferdraggen en bilaterale oerienkomsten lykas it Hânfêst en de BFTK. Foar de konkrete útwurking dêrfan wurdt ferwiisd nei de opbou fan it belied neffens de sân domeinen fan it menusysteem. Dêrby wurdt benammen ynset op in personielsbelied mei kwaliteitseasken op it mêd fan de Fryske taal, meartalich ûnderwiis, kommunikaasje mei de boargers, streektalen, sichtberens fan it Frysk en kulturele ympulzen.

Fierder beneamt dy oerienkomst spesifyk de artikels 4 lid 2 en 7 lid 1 sub b fan it Hânfêst, dy't derop tasjogge dat nije bestjoerlike weryndielingen gjin beïndering foarmje foar it befoarderjen fan it Frysk. De gemeenten jouwe yn de oerienkomst oan dat se dernei stribje dat it besteande gebrûksnivo fan de Fryske taal der foar de ynwenners nei de fúzje op foarútgiet. De eardere gemeente Ferwerderadiel hie it fierstgeande Fryske belied, mei û.o. Frysktalige plaknammen en Frysktalige notulen fan riedsgearkomsten. Om't yn de Bestjoerlike oerienkomst ôfpraat is dat it taalbelied derop foarútgear moat, is it belied fan Ferwerderadiel it útgongspunt.

Provinsjaal

De provinsje Fryslân erkent al sûnt it begjin fan de tweintichste iuw in eigen rol en ferantwurdlikheid te hawwen as it giet om it befoarderjen en yn stân hâlden fan de Fryske taal en kultuer. Yn de nijste BFTK is de provinsje Fryslân beneamd as Taalskipper. Dat hâldt yn dat de provinsje Fryslân as meast belutsen bestjoerslaach primêr ferantwurdlik is foar de Fryske taal en kultuer.

Yn syn rol as Taalskipper soarget de provinsje foar oerlis, ambysje en gearwurking op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. Neist de útfiering fan de BFTK makket de provinsje syn eigen belieds- en útfieringsplannen, dy't basearre binne op en yn oerienstimming binne mei de Europeeske en nasjonale ferdraggen en wetten.

Koartlyn is de nije yntegrale nota op it mêd fan Kultuer, Taal, Underwiis en Erfgoed fan de provinsje ferskynd. It nije belied fan de nota Nij Poadium sil yngean yn 2021. De provinsje set dêrmei in nije yntegrale útfieringsstruktuer op, om yn de nije beliedsperioade in sterk en fleksibel kultuerbelied del te setten. Ien fan de ambysjes is Taal en Identiteit: Fryslân as taalproduksjehûs; taal en identiteit as ynspiraasje foar kulturele inisjativen, produksjes en nije Netwurken.

3. Taalsituaasje

Hjoed-de-dei binne der wrâldwiid mear meartalige minsken as minsken dy't ien taal prate. Troch ymmigraasje en globalisearring sil it oantal meartalige minsken allinne mar oanwaakse. Hieltyd mear minsken sille yn meartalige situaasjes operearje kinne moatte. Meartaligens wurdt de noarm, soene jo sizze kinne. Foar in goede meartalige ûntwikkeling is krekt de ûntwikkeling yn de memmetaal fan wêzentlik belang. Hokker taal beskôgje de ynwenners fan ús gemeenten as harren memmetaal en hawwe sy de kâns om mei help fan bygelyks meartalich ûnderwiis foldwaande ûnderrjocht te krijen yn harren memmetaal?

3.1. Taalsituaasje yn de gemeente

De provinsje Fryslân hat yn de jierren 2007, 2011 en 2015 'de Fryske taalatlas' útbrocht. Dêryn stiet in oersjoch fan it gebrûk en it behearskjen fan de Fryske taal. Yn ûndersteande tabel is in oersjoch te sjen fan it oantal ynwenners dat it Frysk behearsket op ferskillende nivo's, foar elke oanbelangjende fusearre gemeenten.

	Dongeradiel	Ferwerderadiel	Kollumerlân c.a.
Ferstean	90-100%	90-100%	80-90%
Lêze	50-60%	70-80%	40-50%
Prate	80-90%	80-90%	70-80%
Skriuwe	10-20%	20-30%	10-20%

3.1. Taalsituaasje yn ús gemeentlike organisaasje

Yn 2018 is der in enkête holden ûnder alle meiwurkers fan de DDFK-organisaasje oer it behearskjen fan de Fryske taal en it brûken dêrfan op it wurkplak. De respons wie foldwaande: 31,27% fan de meiwurkers hat de fragelist ynfolle.

Ut de enkête docht bliken dat:

- 99,5% fan ús meiwurkers Frysk ferstiet, wêrfan trijekwart goed oant poerbêst.
- 77,2% fan ús meiwurkers Frysk praat, wêrfan it grutste part poerbêst.
- 94% fan ús meiwurkers Frysk lêze kin, wêrfan hast trijekwart goed oant poerbêst.
- 56,9% fan ús meiwurkers Frysk skriuwe kin, wêrfan in kwart goed oant poerbêst.

Wy binne der hiel grutsk op dat ús meiwurkers witte litte dat se de Fryske taal goed behearskje. Yn de ôfrûne jierren hawwe wy fia de Afûk ferskate kursussen oanbean foar ús meiwurkers. In grut oantal meiwurkers hat him dêrfoar opjûn en dy kursussen mei in posityf resultaat ôfsletten. It oanbieden fan kursussen Frysk oan it persoanlik wolle wy fuortsette.

3.2. Streektalen Noardeast-Fryslân

Behalve it Frysk en it Nederlânsk wurde der yn ús gemeente ek ferskate streektalen praten: it Dokkumersk en it Kollumersk (Stedfrysk). Dêrneist wurdt yn in oantal doarpen Súd-Lauwerslânsk praten.

It Dokkumers (Stedfrysk)

It Dokkumers is in fariant fan it Stedfrysk. It Stedfrysk wurdt net allinnich praten yn ús gemeente, mar ek yn de stêden Frjentsjer, Harns, Ljouwert, Boalsert, Snits en Starum. It Stedfrysk is in sprektal en hat gjin fêste stavering/skriuwnoarm dy't yn alle stêden dield wurdt. Okkerdeis is 'Ut genoatskap foar it gebrûk fan ut Dokkumers' oprjochte. Dat genoatskip wol û.o. it Dokkumersk fêstlizze troch in digitaal wurdboek te ûntwikkeljen. Op de webside fan it genoatskap is in soad ynformaasje te finen oer it Dokkumers. Ut Dokkumer Stedfrys is in de 16e ieuw ontstaan út ut kontakt tusken ut Fries en ut Nederlâns. Disse kontaktalen wurden – en wurde – faak brûkt in de dagelukse omgang. Se behoare tot oans kultuerhistoaryske erfoeged en binne fan groat belang foar de wetenskap en ut bestudearen

fan oanze geskiedenis in de toekomst. Dêrom wille wij de spreektaal fan ut Dokkumers su feul moogluk brûke en fastlêge nou't ut nòg kin.

It Kollumersk (Stedfrysk)

Benammen yn it plak Kollum wurdt it Kollumersk praten. It Kollumersk wurdt rekkene as in fariant fan it Stedfrysk, mar der binne inkelde ferskillen mei bygelyks it Dokkumers. It Kollumersk hat mear Fryske wurden as de oare farianten fan it Stedfrysk en troch de jierren hinne is it Kollumersk beynfloede troch it Grinslânsk.

Súd-Lauwerslânsk

Yn de provinsje Fryslân wurde inkelde kontaktfariëteiten praten dy't ûntstien binne út it kontakt tusken it Frysk en it Nederlânsk. Dy Frysk-Nederlânske kontakttalen (kontaktfariëteiten) wurde yn de deistige omgong brûkt. Se behearre ta it kultuerhistoarysk erfgoed en binne fan grut belang foar de taalwittenskip.

Yn it gebiet eastlik fan Kollum en súdlik fan it Lauwersmargebiet en yn it uterste noarden fan de gemeente Achtkarspelen wurdt ek in kontaktfariëteit praten. As oerkoepeljende beneaming wurdt it Súd-Lauwerslânsk hantearre. Yn de doarpen Boerum, Muntsjesyl, Warfstermûne en De Pomp wurde ferskate fariëteiten praten dy't yn de literatuer wol ta it Stedfrysk rekkene wurde, mar benammen foar de fariëteit fan Muntsjesyl wurdt ek tocht oan it Westerkertiersk. Der is net sa'n soad bekend oer it Súd-Lauwerslânsk. Dêr wurdt net folle yn skreaun en der is dan ek amper boarnemateriaal beskikber. De Fryske Akademy is op it stuit dwaande mei in ûndersyk nei Frysk-Nederlânske kontaktfariëteiten yn Fryslân. It Súd-Lauwerslânsk is ien fan de fariëteiten dy't ûndersocht wurde.

Yn opdracht fan de provinsje Fryslân is de streektaalatlas ferskynd. De streektaalatlas jout in oersjoch fan it behearskingsnivo en it gebrûk fan de ferskillende streektalen troch de ynwenners fan streektaalgebieten yn Fryslân. Boppedat waard oan ynwenners fan streektaalgebieten frege nei saken lykas it takomstbelang, de sichtberens yn de fysike romte en it belang fan stipe/stimulâns fan harren streektaal. De streektaalatlas rapportearret ek oer it behearskingsnivo fan it Kollumerpompstersk. Ut de resultaten dêrfan docht bliken dat in oanmerklik part fan de ûnderfrege minsken it fan belang fynt dat der mear omtinken jûn wurdt oan ús streektalen.

Wy wolle yn de takomst mear omtinken jaan oan ús streektalen, ek al is de formele status fan dy talen oars as dy fan it Frysk. De ferskillende streektalen meitsje ús gemeente unyk en dêrom wolle wy dêr oandacht oan besteegje yn ús taalbelied. As gemeente wolle wy de mooglikheden ûndersykje om neist it Frysk, it Stedfrysk en it Súd-Lauwerslânsk te stypjen en te stimulearjen. Dêrta stalle wy in wurkgroep gear dy't bestiet út fertsjintwurdigers fan belanghawwende organisaasjes en ynwenners mei ynteresse foar taal. Dy wurkgroep wolle wy jierliks in bydrage jaan fan € 2.500 om projekten út te fieren.

Beliedsfoarnimmens Taalsituaasje:

-  It oanbieden fan kursussen Frysk foar it personiel wurdt fuortset. Alle jierren wurde der trije kursussen organisearre. It doel is om it oantal meiwurkers dat it Frysk ferstiet, praat en lêst op itselde nivo te hâlden (enkête 2018). It stribjen is om it oantal meiwurkers dat goed Frysk skriuwe kin te ferheegjen.
-  Mear omtinken jaan oan de streektalen.
-  In wurkgroep Frysk en streektalen ynstelle en in budzjet fan € 2.500 beskikber stelle foar it útfieren fan projekten.

4. Yn ús organisaasje

It Nederlânsk en it Frysk hawwe in lykweardige posysje. Yn de mûnlinge kommunikaasje funksjonearje beide talen sûnder problemen neistinoar, mar de realiteit bliuwt dat it Nederlânsk as earste rykstaal in dominante posysje ynnimt neffens it Frysk. De skriftlike kommunikaasje ferrint hast hielendal yn it Nederlânsk.

It Frysk moat yntegraal yn de organisaasje in plak krije en net allinnich in saak wêze fan de amtner mei it Frysk taalbelied yn it pakket. It Frysk moat yn alle teams in plak krije. Om dit te stimulearjen wolle wy ien kear per jier in kampanje organisearre wêryn't de Fryske taal sintraal stiet.

4.1. Algemien

Taalferoarding

De eardere gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân c.a. hawwe in Taalferoarding Frysk. Yn dy feroarding stiet hoe't de gemeente omgiet mei it Frysk yn it skriftlike en mûnlinge ferkear. Foar Noardeast-Fryslân is der in nije feroarding opsteld dy't rjocht docht oan it begjinsel fan twatalichheid. Yn de feroarding is fêstlein dat de bestjoersorganen fan de gemeente sels kieze kinne foar it brûken fan de Fryske of de Nederlânske taal, of it moat wêze dat it brûken fan de Fryske of de Nederlânske taal foarskreaun is.

Dêrneist is opnommen dat by klantkontakten de taalkar fan de klant liedend is. Dat jildt yn it bysûnder foar klantkontakten fia de telefoan en de baly. De telefoan wurdt yn it Frysk opnommen en klanten kinne de taal prate dy't se wolle.

Positive hâlding

De gemeenten Noardeast-Fryslân kiest yn begjinsel foar twatalichheid. By twatalichheid wurdt in kar makke foar de Nederlânske of de Fryske taal. Beide talen binne dêrby lykweardich oan elkoar, mar yn elke situaasje wurdt in bewuste kar makke foar ien fan de twa. Yn guon gefallen kin ôfwykt wurde fan dat útgangspunt.

Yn de praktyk betsjut dat dat meiwurkers en bestjoerders it Frysk brûke kinne wannear't se dat wolle: yn telefoanysk kontakt, yn petearen en oerlis en by it skriuwen fan ynformaasje en advys. Wy wolle graach in positive hâlding en stimulâns kreëarje tsjinoer it Frysk en dêrom elkenien de kar litte hokker taal oft sy brûke.

Der binne Frysktalige sjabloanen beskikber foar it meitsjen fan Fryske brieven en advizen, dêrmei wurdt it faker brûken fan it Frysk ek stimulearre.

Dúdlke taal

De gemeente hat it konvenant 'Dúdlke Taal' ûndertekene. De gemeente wol mei dat projekt in duorsume kwaliteitsympuls jaan oan de skriftlike en mûnlinge kommunikaasje. Yn 'e rin fan 2020 wurde der ûnder oaren trainingen skriuwen organisearre foar in grut part fan de meiwurkers. Dêrneist wurde der standertteksten ûntwikkele dy't yn brieven brûkt wurde kinne. It Frysk is ek opnommen yn it projektplan. De standertteksten dy't ûntwikkele wurde, komme ek yn it Frysk beskikber.

Yn 2024 wurdt 10% fan de skriftlike kommunikaasje yn it Frysk dien.

4.2. Klantkontakten

De gemeente is in tsjinstferliende organisaasje, dy't by de útfiering fan syn wurk op in persoanlike manier oanslute wol by de winsken fan syn ynwenners, maatskiplike organisaasjes en ûndernimmers. It is wichtich dat ynwenners harren frij fiele om ús organisaasje oan te sprekken yn harren memmetaal, en ek yn dyselde taal te wurd stien wurde.

De gemeente hantearret it 'folgjend taalbelied'. Dat hâldt yn dat elkenien it Frysk en it Nederlânsk brûke kin yn sawol it mûnlinge as it skriftlike ferkear mei de gemeente Noardeast-Fryslân. Us belied is om besikers yn it Frysk te wurd te stean, sawol oan de baly as oan de telefoan. Mocht de besiker of de jinger dy't opbellet gjin Frysk prate, dan wurdt oerskeakele nei it Nederlânsk.

Wannear't der in brief of e-mail yn it Frysk ynkomt by de gemeente, wurdt dy ek yn it Frysk beäntwurde. As de oanbelangjende amtner de Fryske taal sels net yn 'e macht hat, dan kin hy of sy in kollega freegje om de brief oer te setten nei it Frysk. It is dêrom belangryk dat der op alle ôfdielingen

genôch kollega's binne dy't goed Frysk skriuwe kinne. Op elke ôfdieling binne op syn minst twa 'taalomtinkers': persoanen dy't it Frysk goed skriuwe kinne en brieven of oare stikken omsette kinne yn it Frysk.

Ynwenners kinne ek fia WhatsApp fragen stelle oan de gemeente. In fraach dy't ynkomt yn it Frysk, wurdt ek yn it Frysk beäntwurde. Dat jildt ek foar klachten. Wannear't in klacht yn twadde ynstânsje telâne komt by de Nasjonale Ombudsman, kin dy ek behannele wurde yn it Frysk, lykas beskreaun yn de Wet gebrûk Fryske taal.

Yn klantkontakten is de taalkar fan de klant beskiedend.

4.3. Kommúnikaasje

Parseberjochten wurde foar it grutste part yn it Nederlânsk skreaun. Allinnich by gaadlike ûnderwerpen wurdt (ek) it Frysk brûkt. Geregeld wurde Frysktalige sitaten brûkt. Wurd fierders fan de gemeente steane de parse yn beide talen te wurd. Yn hokker taal it petear plakhat, hinget ôf fan it ûnderwerp of de taal dy't de sjoernalist praat. Utnûgingen foar gearkomsten en resepsjes wurde sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk opsteld. Kommúnikaasje yn krisissituasjonsjes doche we yn it Nederlânsk.

Berjochtjouwing op sosjale media dogge wy sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk, dat hinget ôf fan it ûnderwerp en de persoan dy't de meidieling docht. Fierder dogge wy al jierren mei oan 'de Fryske Twitterdei'. It doel fan dy dei is om safolle mooglik Fryske tweets de wrâld yn te stjoeren, om sa it brûken fan it Frysk te stimulearjen.

De gemeentlike website is foar it grutste part Nederlânsktalich. Rjochts boppeyn kin keazen wurde foar de opsje 'Frysk'. Troch dy opsje te kiezen ferskynt der in Frysktalige pagina mei ynformaasje oer hoe't de gemeente omgiet mei it Frysk op bepaalde terreinen, bygelyks yn de soarch, op it gemeentehûs en yn it ûnderwiis. Boppedat is dit Fryske taalbeliedsstik skielk te finen op de website, sadat it troch elkenien download en rieplachte wurde kin. Troch it stimulearjen fan it brûken fan it Frysk sil it Frysk ek sichtberder wurde op de website fan de gemeente.

By 4.1. is oanjûn dat we ien kear per jier in kampanje organisearje weryn't Frysk sintraal stiet. De kommúnikaasje nei ynwenners en fia media wurdt hjiryn ek meinaam.

Yn publikaasjes, parseberjochten, sosjale media en de website wolle wy mear omtinken foar it Frysk.

4.4. Houliks- en oare boargerakten

Yn de gemeente binne der babs'en (bysûndere amtners fan de boargerlike stân) dy't houlikstaspraken yn it Frysk hâlde kinne. Ek dûbeldtalige houlikstaspraken binne mooglik, it breidspear hat dêryn sels de kar.

Op grûn fan de Wet gebrûk Fryske taal moatte wy al ús akten dûbeldtalich opstelle: sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk. It giet dêrby ûnder oaren om trouakten, berte-akten en dea-akten. Itselde jildt foar úttreksels fan de BRP, de Basisregistraasje Persoanen.

4.5. Yntern/funksje-easken persoanen

Foar de kwaliteit fan ús tsjinstferliening is it Frysk binnen ús organisaasje fan grut belang. Us taalbelied is basearre op de lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk. Wy fine it hiel belangryk dat boargers sels kieze kinne oft sy Frysk of Nederlânske prate en skriuwe.

De útfiering fan dat belied bringt ek konsekwinsjes mei.

By it oannimmen fan nij persoanen wurdt dêrom dúdlik makke wat de winsken en easken binne foar de behearsking fan it Frysk. Dat kin foar elke funksje ferskille: soms is Frysk lêzen en skriuwen belangryk en yn oare funksjes leit de klam mear op it ferstean en praten.

It stellen fan sokke taaleasken kin mooglik in diskriminearjende wurking hawwe tsjinoer minsken dy't it Frysk net yn 'e macht hawwe. Mei it each op de bysûndere posysje dy't it Frysk hat as minderheidstaal, jildt der yn dit gefal in útsûndering. It Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan

minderheden lit nammentlik ta dat bepaalde maatregels te'n geunste fan de Fryske taal net beskôge wurde as diskriminearjend optreden tsjin de brûkers fan de Nederlânske taal. Dat jildt foar maatregels dy't bydrage oan it algemiene belang dat sintraal stiet yn it Hânfêst: de beskerming en de befoardering fan it Frysk as minderheidstaal. De wetjouwer hat oardiele dat it stellen fan taaleasken mei, as de taaleasken reedlik en needsaaklik binne foar it útoefnen fan de oanbelangjende funksje. Om te beoardieljen foar it útfieren fan hokker funksjes taaleasken reedlik en needsaaklik wêze kinne soenen, moat sjoen wurde nei it doel fan de funksje en oft dat it middel (de taaleask) rjochtfeardiget.

In organisaasje lykas in gemeente hat de maatskiplike taak om oan de behoeften fan syn ynwenners te foldwaan. In taaleask foar meiwurkers yn funksjes wêryn't sy in protte kontakt hawwe mei klanten fan de organisaasje dy't in bepaalde taal prate, is yn sa'n gefal tastien. Dêrom kinne der foar bepaalde funksjes easken jilde as it giet om de behearsking fan de Fryske taal (ferstean, prate, lêze, skriuwe).

By it ûnderdiel klantkontakten is oanjûn dat de taalkar fan de klant beskiedend is. Dêrneist is yn de taalferoarding opnommen dat de telefoan yn it Frysk opnommen wurdt. Dat betsjut dat der genôch meiwurkers by it klantkontaktsintrum wêze moatte dy't it Frysk ferstean en prate kinne.

Houliksslutingen kinne sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk dien wurde. It is dus fan belang dat der genôch amtners fan de boargerlike stân binne dy't it Frysk aktyf behearskje.

By it ûnderdiel kommunikaasje is oanjûn dat wy mear publikaasjes yn it Frysk útbringe wolle. Foar de meiwurkers fan kommunikaasje is it dus ek fan belang dat sy it Frysk aktyf behearskje.

Yn ús fakatueres stiet faak dat in positive hâlding oangeande it Frysk ferwachte wurdt. Wannear't it aktyf behearskjen fan it Frysk nedich is foar it útfieren fan in funksje, sil in Frysktalige kandidaat by lykwaardige geskiktens foarrang krije moatte op in Nederlânsktalige kandidaat.

Nije meiwurkers dy't yn fêste tsjinst komme by de gemeente lizze in eed/belofte ôf. Dat kin sawol yn it Nederlânsk as yn it Frysk.

4.6. Riedsgearkomsten

De measte riedsgearkomsten binne yn it Frysk, foarsafier't de riedsleden de Fryske taal behearskje. In Frysktalige foarsitter stimulearret it gebrûk fan it Frysk as fiertaal. Fan de 29 riedsleden yn Noardeast-Fryslân hawwe 16 leden de eed/belofte yn it Frysk ôflein. 19 riedsleden hawwe it Frysk as earste of foarkarstaal. De ambysje is om mear Frysktalige aginda's, riedsstikken en beslutelisten te hantearjen. Yn de eardere gemeente Ferwerderadiel waarden de notulen makke op basis fan de taal dy't yn de gearkomsten praten waard.

Mei yngong fan septimber 2020 moatte alle riedsgearkomsten ûndertitele wurde. Dat jildt ek foar datjinge wat yn it Frysk sein wurdt. In oantal bedriuwen binne dwaande om dêr wat foar te ûntwikkeljen. Yn de Griffierskring wurdt dit fierder besprutsen.

Foarsteld wurdt om it brûken fan de Fryske taal op de aginda fan it presidium te setten, om te bepraten hoe't de ambysje om mear Frysk te brûken stal jûn wurde kin.

4.7. Iepenbiere romte

Plaknammen

De gemeente is wetlik befoege ta de nammejouwing fan ûnder oaren doarpen, stêden, strjitten en pleinen. De gemeente kin dêrby kieze tusken inkeld Fryske en inkeld Nederlânsktalige nammen op de buorden, mar der kin ek in kombinaasje fan dy beide makke wurde. Bygelyks de Fryske namme boppe mei de Nederlânske dêrûnder, of oarsom.

De eardere gemeenten hawwe dêr destiids allegear in eigen kar yn makke. Yn it eardere Ferwerderadiel hawwe se Frysktalige plaknammen. Yn it eardere Dongeradiel binne de plaknammen Nederlânsktalich. Op de kombuorden stiet de Fryske namme ûnder de Nederlânske namme. Yn it eardere Kollumerlân c.a. is dat ek sa. In oantal plakken lizzend oan 'e grins mei de provinsje Grinslân hawwe inkeld Nederlânsktalige toponimen (Boerum, Muntsjesyl en Warfstermûne). Troch de weryndieling is der yn de gemeente Noardeast-Fryslân in situaasje ûntstien mei ferskillende plaknamme-oantsjuttingen op de buorden.

Dizze ferskillen jouwe goed it ferskaat oan talen (en dêrmei de meartaligens) oan fan de gemeente Noardeast-Fryslân. Mochten der doarpen wêze dy't sels foar in Fryske namme of plaknamme yn streektaal kieze wolle dan sil it kolleezje iepen stean foar de útfiering dêrfan.

Sichtberens

Om it draachflak te ferbreedzjen, is it fan belang dat it Frysk goed sichtber is. Sichtberens fan de Fryske taal en ús streektalen yn de iepenbiere romte kin in belangrike bydrage leverje oan it fuortbestean fan de Fryske taal en kultuer. Dêrom wolle wy ús meartalige rykdom graach (mear) sjen litte.

Binnen ús organisaasje fine wy it fan belang dat meiwurkers en ynwenners harren bewust binne fan it feit dat se de Fryske taal brûke kinne. Om dat te stimulearjen, is sichtberens belangryk. Yn ús organisaasje litte wy it Frysk ûnder oaren al sjen troch:

- De Fryske nammen fan ús ôfdielingen en teams.
- De Fryske nammen fan ús gearkomsteromten en sprekkeamers (bygelyks de 'Max Posthumaseal' en 'It Romsicht').
- Us 'Praat mar Frysk'-stikers fan de Afûk.
- Frysktalige berjochten op ús online yntranet (Viadesk) en oare sosjale media.
- De titels fan ús agindapunten yn riedsgearkomsten (It Fraachpetear, It Beslút).
- Fryske sjabloanen foar rieds- en kolleezjefoarstellen.

Wy binne fan doel om it Frysk in noch prominenter plak yn ús organisaasje te jaan troch:

- It 'mail mar Frysk'-logo fan de Afûk oan ús wurknimmers te ferskaffen, sadat kollega's dy't it noflik fine om Frysktalige e-mails te stjoeren en te ûntfangen dat logo yn harren digitale hantekening sette kinne.
- (Nije) meiwurkers op 'e hichte te bringen fan sawol de ferplichtingen as de mooglikheden dy't dit beliedsstik foar harren ynhâldt op it mêd fan it Frysk.
- Neist Fryske eleminten ús streektalen in plakje te jaan yn de iepenbiere romte en yn de gemeentehuzen.

Yn de gemeente is it Frysk ûnder oaren al sichtber troch:

- It gebrûk fan Fryske nammen foar plakken, strjitten, wetters, brêgen ensfh.
- Fryske slogans op ús gemeenteweinen: 'Noardeast-Fryslân, ûnderweis foar jo'.
- De Frysktalige opsje op ús gemeentewebsite.

Wy binne fan doel om it Frysk noch mear sichtber te meitsjen yn de gemeente troch:

- Mear subsydzjemooglikheden te kreëarjen foar projekten en aktiviteiten op it mêd fan de Fryske taal.
- By organisaasjes dêr't de gemeente in subsydzjerelaasje mei hat omtinken te freegjen foar de Fryske taal.

Beliefsfoarnimmers Organisaasje:

-  Yn 2024 is 10% fan de skriftlike kommunikaasje yn it Frysk.
-  By klantkontakten is de taalkar fan de klant beskiedend.
-  Alle ynkommende Fryske brieven en berjochten wurde yn it Frysk beäntwurde.
-  Yn publikaasjes, parseberjochten, sosjale media en de website wolle wy mear omtinken foar it Frysk.
-  Ien kear per jier in kampanje organisearje wêrby de Fryske taal sintraal stiet (Fryske wike)
-  Foar bepaalde funksjes kinne easken jilde as it giet om de behearsking fan de Fryske taal. (ferstean, prate, lêze, skriuwe). It giet dan benammen om meiwurkers fan KKS, Kommunikaasje en Babsen.
-  It presidium freegje it gebrûk fan de Fryske taal op de agenda te setten om te bepraten hoe't de ambysje om mear Frysk te brûken by de riedsgearkomsten stal jûn wurde kin.
-  It Frysk sichtberder te meitsjen yn de iepenbiere romte.
-  Subsydzjemooglikheden kreëarje foar projekten en aktiviteiten op it mêd fan de Fryske taal.

5. Underwiis

Meartalich opgroeie is in wichtich elemint yn de berne(taal)-ûntwikkeling. Ynvestearje yn de iene taal liedt faak ta fersterking fan de oare taal en de gemeente wol dat graach stimulearje en fasilitearje. Yn ús meartalige gemeente binne dêr ek alle mooglikheden foar, wy hawwe ommers te krijen mei ferskillende talen. Wy wolle de mooglikheden dy't wy hawwe yn ús mienskip goed oppakke mei ús ûnderwiispartners. Dêr wêr't ynfloed útoefene wurde kin op de trochgeande learline¹, sil de gemeente dat dwaan.

5.1 Algemien

De gemeente Noardeast-Fryslân nimt syn ferantwurdlikheid om it Frysk in yntegraal plak te jaan yn it ûnderwiisbelied. Utgeande fan dy rol soarget de gemeente derfoar dat it Frysk besprutsen wurdt yn de LEA (Lokale Edukative Aginda) en de REA (Regionale Edukative Aginda). Wannear't maatskiplike ûntwikkelingen dêrom freegje, komt it Frysk/meartaligens op de aginda. Op dy manier kinne ferskate organisaasjes gearwurkje en elkoar fersterkje en oanfolje.

5.2. Foarljochting

Jonge âlden krije by de berte-oanjerfe fan harren bern it 'Taalkado' oanbean fan de provinsje Fryslân. Dat geskink wol nije âlden ynformearje oer de foardielen fan it opgroeien yn in meartalige situaasje, en yn it bysûnder it brûken fan de Fryske taal stimulearje. De ynhâld fan it Taalkado fariearret en wurdt fersoarge troch de Afûk, dy't dat docht yn opdracht fan de provinsje Fryslân. De foarljochting oan nije âlden past yn de ambysje om mei-inoar te soargjen foar in trochgeande meartalige learline.

It 'heit & mem-kafee' is in plak dêr't âlden op in noflikke wize prate kinne oer it grutbringen en de ûntwikkeling fan harren bern. Op ferskate plakken yn Fryslân wurde dy moetingplakken opset. Op de plakken dêr't yn ús gemeente in 'heit & mem-kafee' is, slute wy dêr graach ien kear jiers by oan mei ynformaasje oer meartaligens, yn gearwurking mei de Afûk en it SFBO.

Yn ús meartalige gemeente groeie bern meartalich op. Op alle konsultaasjeburo's yn Nederlân, dus ek yn ús gemeente, wurdt omtinken jûn oan de taalûntwikkeling fan (jonge) bern. Op in oantal konsultaasjeburo's sit in boekstartcoach fan de bibliteek. Sy wiist de âlden op it belang fan foarlêzen.

5.3. Foarskoalsk ûnderwiis

It Frysk/meartaligens yn de foarskoalske perioade stiet by ús heech op de aginda. Mei de berne-opfangsintra/oerkoepeljende organisaasjes is der dan ek rjochtstreeks kontakt oer de posysje fan it Frysk/meartaligens.

It SFBO (Sintrum Frysktalige Berne-Opfang) helpt bernsintra yn de gemeente Noardeast-Fryslân by it ynfoljen fan de taalrike omjouwing foar bern. It SFBO biedt ynformaasje oan en hâldt âlderjûnen oer meartaligens en it belang fan taalbelied en taal oanbod.

Yn ús gemeente wurdt al jierren meidien oan it Tomke-projekt. Dat projekt wol âlden en begelieders fan pjutten ynformearje oer it brûken fan taal yn de omgong mei jonge bern. In belangrike opdracht foar it Tomke-projekt is it ûntwikkeljen en oanbieden fan Frysktalich materiaal dat brûkt wurde kin yn in meartalige foarskoalske omjouwing.

It Tomke-projekt kin realisearre wurde troch subsidzje fan de provinsje Fryslân, de dielnimmende gemeenten (hast alle Fryske gemeenten) en bydragen fan de Afûk, BSF, Omrop Fryslân en Partoer. De bydragen fan gemeenten binne basearre op it oantal ynwenners fan de oanbelangjende gemeente. De krêft fan it Tomke-projekt leit by de kontinuïteit fan de útfiering en dêrom binne pjutten, âlden, pakes en beppes en de liedsters fan de pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen hiel bliid mei it projekt. It seit himsels dat ús gemeente it dêrom sa belangryk fynt om troch te gean mei dêroan mei te dwaan.

¹ Mei in trochgeande learline wurdt bedoeld dat de learstof en it ûnderwiisresultaat fan ferskate skoaltypen (primêr ûnderwiis, fuortset ûnderwiis en ferfolchûnderwiis) yninoar trochrinne en opinoar oanslute.

Yn it ramt fan it VVE-belied wurdt yn 2020 begûn mei it útrôljen fan it boekstartprojekt op de foarskoalske foarsjenningen. It Frysk sil ek ûnderdiel wêze fan it projekt.

In goede oansluting fan de taalûntwikkeling (spesifyk it Frysk/meartaligens) tusken de foarskoalske foarsjenningen en it basisûnderwiis wurdt stimulearre. Der binne oerdrachtsformulieren dy't omtinken jouwe oan de taalsituaasje fan it bern. It brûken dêrfan wurdt stimulearre as yntegraal ûnderdiel fan it strukturele oerlis tusken de partners. Op dit stuit binne der santjin twatalige pjutte-opfanglokaasjes en njoggen twatalige bernedeiferbliuwen yn ús gemeente.

It stribjen is dat alle lokaasjes yn 2024 twatalich binne.

Twatalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn de gemeente Noardeast-Fryslân (neffens SFBO)

Plak (Noardeast-Fryslân)	Twatalige pjutteboartersplakken	Twatalige bernedeiferbliuwen
Eanjum	It Boartersplak	Thuishuis Zeeparel
Burdaard	Oer de Brêge	
Blije	De Klaaiklútsjes	
Boerum	Pinkelotje	
Dokkum	De Krûpelhintsjes	De Tuimelaar
		De Kleine Oase
		Alderleafste
Ingwierrum	Krekt út it Nêst	
Ferwert	Lyts Underdak	
Hallum	Yn 'e Jister	De Parachute
Holwert	Us Earste Begjin	De Spetters
Kollum	Kwibus	Twinkel
De Pomp		Thuishuis Pompidoe
Kollumersweach	It Wrottershonk	Dondersteen
Marrum	De Eekhoorn	
Mitselwier	De Pikestjelp	
Easternijtsjerk	De Bernejister	
Aldwâld	Pjuttershonk	
Ternaard	It Boartersplak	
Westergeast	It Pjutteplak	

5.4. Basisûnderwiis

It Frysk/meartaligens op de basisskoallen is hiel belangryk. Alle skoallen jouwe omtinken oan de Fryske taal, de manier wêrop is foar elke skoalle ferskillend. Dat docht ek bliken út it resint ferskynde ûndersyk fan de Underwiisynspeksje 'Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis'. De gemeente stimulearret de basisskoallen om yn harren skoalleplannen de taal en it taalbelied in prominint plak te jaan. Fierder stimulearje wy as gemeente basisskoallen om in trajekt op te starten om in trijetalige skoalle te wurden. Skoallen slute op dy manier oan by de doelstellingen fan gemeenten en de provinsje om de meartalige situaasje yn Fryslân bewust yn te setten foar it fersterkjen fan it ûnderwiis. Foar de skoallen is it dúdlik dat it in pree is as sy sertifisearre binne en dat de gemeenten de skoallen (dêr't dat mooglik is) stypje yn it sertifisearringstrajekt.

Der is in netwurk Meartaligens. Skoallen kinne harren dêrby oanslute en op dy manier ynformaasje ûntfange en útwikselje oer û.o. it Frysk.

Op dit stuit binne der binnen ús gemeente trije basisskoallen sertifisearre as trijetalige skoalle, en trije aspirant-trijetalige basisskoalle. It stribjen is dat it oantal trijetalige skoallen yn 2024 ferdûbele is. Dêrneist wurde skoallen stimulearre om harren oan te slúten by it Netwurk Meartaligens.

Trijetalige en aspirant-trijetalige basisskoallen yn de gemeente Noardeast-Fryslân (neffens Cedin)

Plak (Noardeast-Fryslân)	Trijetalige basisskoallen	Aspirant-trijetalige basisskoallen
Eanjum		De Eker
Blije		De Ikker
Ferwert	Op 'e Trije	
Holwert	De Tsjelke	
Kollum		Prof. Casimirskoalle
Ljussens	De Griffel	

Jou in bern in boek

It projekt 'Jou in bern in boek' waard al langere tiid útfierd yn de gemeente Ferwerderadiel en is yn 2019 ek opset yn de gemeente Noardeast-Fryslân. 'Jou in bern in boek' hâldt yn dat alle bern dy't yn groep 5 fan de basisskoalle sitte, in Frysk boek krije. Der is in spesjale projektgroep opset mei fertsjintwurdigers út it ûnderwiis, de bibliteek en de gemeente. It projekt wie yn 2019 in grut sukses. We wolle it projekt struktureel meitsje. Foar it útfieren fan it projekt is in budzjet nedich fan € 7.500,- jiers.



5.5. Fuortset ûnderwiis

It Frysk/meartaligens op skoallen foar fuortset ûnderwiis is hiel belangryk. Der is yn ús gemeente gjin skoalle dy't trijetalich ûnderwiis (Nederlânsk, Frysk en Ingelsk) oanbiedt. Yn it fuortset ûnderwiis is it fak Frysk ferplicht foar de ûnderbou. De skoalle meie sels bepale oft sy ek Frysk yn de boppebou oanbiede. De provinsje subsidiearret in diel fan de kosten. Ek foar skoallen foar fuortset ûnderwiis is der in Netwurk Meartaligens. Skoallen wurde stimulearre om harren dêrby oan te sluten.

Om it brûken fan it Frysk mear te stimulearjen wurdt foarsteld in priis yn it libben te roppen foar it bêste Frysktalige wurkstik.

5.6. Underwiis foar folwoeksenen

Alle jierren organisearret de Afûk kursussen Frysk foar boargers. Dat binne bygelyks de kursussen 'Lear mar Frysk', 'Praat mar Frysk' en 'Skriuw mar Frysk'. De gemeente subsidiearret dy kursussen. Fierder wolle wy it brûken fan de Fryske taal stimulearje by de redaksje fan doarpskranten en doarpswebsites. Ferline jier hat de gemeente in workshop oanbean oan de redaksjes. Dat wie in sukses. Wy wolle dat dan ek struktureel ynfiere. Dêrneist in priis ynstelle foar it bêste Fryske redaksjonele stik. Foar de workshops en de priis wurdt in budzjet fan € 750,- beskikber steld.

5.7. Subsydzjeregeling skoallen

Om skoallen mear mooglikheden te bieden om mei it Frysk oan 'e slach te gean, wurdt in subsydzjeregeling opset. Skoallen kinne ien kear yn 't jier in oanfraach by de gemeente yntsjinje foar in projekt dat ferbân hâldt mei de Fryske taal. Foar elk projekt is der maksimaal € 500,- beskikber.

Beliedsfoarnimmens Underwiis:

-  Stimulearje dat alle foarskoalske foarsjenningen meartalich wurde.
-  Skoallen stimulearje om harren oan te sluten by it Netwurk Meartaligens.
-  It oantal trijetalige basisskoallen is yn 2024 ferdûbele.
-  It projekt 'Jou in bern in boek' te kontinuearjen.
-  In priis yn it libben te roppen foar it bêste Frysktalige wurkstik foar learlingen fan it fuortset ûnderwiis.
-  In subsydzjeregeling foar skoallen opsette.
-  Struktureel workshops organisearje foar de redaksjes fan doarpskranten en doarpswebsites.
-  In priis ynstelle foar it bêste Fryske redaksjonele stik yn in doarpskrante of op in doarpswebsiteside

6. Sûnenssoarch en wolwêzen

De gemeente hat in ferantwurdlikheid op it mêd fan soarch en wolwêzen. De gemeente fiert dat ûnder oaren út troch (it ynsetten fan) de gebietsteams. Kommúnikaasje is dêrby uteraard belangryk, mar de taalkar yn de soarch en it wolwêzen leit by de meiwurkers en de kliïnten sels. Us gemeente hat in protte Frysktalige kliïnten. De Fryske taal is dêrom wichtich by útfieringstaken op it mêd fan soarch en wolwêzen.

De boarger moat de Fryske taal brûke kinne yn kontakt mei de organisaasjes foar soarch en wolwêzen.

De provinsje bringt mei it projekt 'Frysk yn de soarch' it belang fan it Frysk ûnder de oandacht fan liedingjaanden, direksjes en beliedsmakkers yn de soarch. Dêrneist wurdt mei it projekt 'Dat wie doe sa' de taal sichtber makke op de soarchlokaasje, bygelyks troch posters en buttons, mar ek troch it oanbieden fan workshops of opliedingen oan de fersoargjenden.

6.2 Intake en begelieding

By it jaan fan yndividuele begelieding en help by it húshâlden wurdt rekken holden mei de thústaal fan de kliïnt. De kearn fan de WMO is it petear tusken de boarger mei in helpfraach en de gemeente (faak in lid fan it gebietsteam). Yn dat petear sykje beide partijen mei-inoar nei oplossingen foar de problemen. Foar in goed petear is it praten fan deselde taal belangryk. Dêrom wurdt yn it begjin fan it petear altyd bepaald hokker taal oft de boarger prate wol en foarsafier't dat mooglik is, slút de fertsjintwurdiger fan de gemeente dêrby oan. Mei it each op dy gearwurking mei ús ynwenners is dêrom yn alle gefallen in passive behearsking fan de Fryske taal needsaaklik.

Beliedsfoarnimmers Sûnenssoarch en wolwêzen:

-  Bliuwend omtinken freegje foar it Frysk by organisaasjes foar soarch en wolwêzen.
-  Bliuwend omtinken freegje foar it Frysk by de ynterne teams dy't belutsen binne by soarch en wolwêzen (û.o. gebietsteams).



7. Media en kultuer

Kultuer en taal fersterkje elkoar en soargje foar ferbining. Yn ús doarpen en stêd organisearje ferskate organisaasjes it hiele jier troch kulturele aktiviteiten. It Frysk spilet dêryn faak in rol.

7.1. Media

De wet skriuwt foar dat gemeenten by it opstellen fan de programmeried fan de lokale omrop rekken hâlde mei de maatskiplike, kulturele, godstsjinstige en geastlike streamingen. Om in goede ôfspegeling fan ús maatskippij te hawwen, is it wichtich om ek te sjen nei de taaleftergrûn fan (potinsjele) dielnimmers.

RTV NOF

RTV NOF is de Streekomrop fan de regio Noardeast-Fryslân. Op de radio wurdt non-stop muzyk draaid, mei elk healere in nijsprogramma. Behalve it nijs hat RTV NOF ek omtinken foar oare tema's dy't yn de regio libje. Fan al it grutte en lytse nijs, sport en eveneminten dy't plakhawwe yn de regio om Dokkum, Kollum, Ferwert en Damwâld hinne docht RTV NOF ferslach. Yn in soad programma's wurdt Frysk praten. Dat is ôfhinklik fan de presintator. De website fan de omrop is foar it grutste part Nederlânsktalich. Ut en troch wurde der teksten yn it Frysk pleatst. De omrop hat de winsk te kennen jûn om yn de takomst mear mei de Fryske taal dwaan te wollen.

7.2. Kultuer

De Fryske taal spilet in belangrike rol binnen de mienskip. Neist dat de Fryske taal brûkt wurdt troch in protte ynwenners, wurde der troch it partikulier inisjatyf aktiviteiten organisearre. Pleatslike toanielferieningen komme bygelyks geregeld mei Frysktalige toanielstikken en foarstellingen.

De gemeente Noardeast-Fryslân fynt it belangryk dat bern en jongeren yn kontakt komme mei de Fryske keunst en it Fryske erfoed, en dêrtroch ek (mear) mei de Fryske taal. Dêrneist kin de gemeente it Frysk ek stimulearje troch it jaan fan subsydzje foar eveneminten en aktiviteiten mei in Frysktalich karakter. Yn it ramt fan it harmonisearjen fan de subsydzjeregelingen wurdt in regeling makke foar it oanfreegjen fan subsydzje foar projekten dy't ferbân hâlde mei de Fryske taal.

De biblioteek

De biblioteek is in wichtich plak dêr't minsken byinoar komme om kennis te dielen, fan inoar te learen en de wurdearring foar talen en kultuer te fergrutsjen. It goed tagonklik hâlden fan Fryske boeken en oare media foar ferskate doelgroepen is fan grut belang, krekt as de gearwurking mei ûnderwiis en pjutte-opfang.

De biblioteek biedt sawol op skoallen as yn de biblioteken sels in kolleksje Nederlânske, Fryske en Ingelske boeken oan, en draacht dêrmei by oan de meartaligens yn de gemeente. Der wurdt hurd wurke oan it aktueel hâlden fan de kolleksjes en it yntegrearjen fan meardere talen yn de kommunikaasje en aktiviteiten, bygelyks troch it projekt 'Lês en Read'.

'Lês en Read' is in meartalich lêsbefoarderingsprojekt fan de biblioteek yn gearwurking mei de gemeente. It doel fan dat projekt is om learlingen mear yn oanrekking komme te litten mei de Fryske en Ingelske taal, om sa harren taalûntwikkeling te stimulearjen en harren wurdskat út te wreidzjen. Dielnimmende skoallen krije dit skoaljier trije kear in kiste mei dêryn in kolleksje fan 50 boeken (wêrfan 25 Fryske en 25 Ingelske) foar in perioade fan acht wiken. De boeken yn dy kiste jouwe hieltyd wer in ympuls om sels (fiker) foar te lêzen en de bern sels lêze te litten. De boeken binne geskikt foar de ûnder-, midden- en boppebou. Ein 2020 wurdt it projekt evalúearre en wurdt besjoen oft it fuortset wurde sil.

Beliedsfoarnimmens Kultuer:

-  Bliuwend omtinken freegje foar de Fryske taal yn oerlizzen mei kultuerorganisaasjes.
-  In subsydzjeregeling meitsje foar projekten dy't ferbân hâlde mei de Fryske taal.
-  It projekt 'Lês en Read' evalúearje en by goed resultaat kontinuearje.

8. Bedriuwslibben en toerisme

Us bedriuwslibben kin by sawol ynwenners as toeristen bewustwurding kreëarje dat sy yn Noardeast-Fryslân binne, dêr't wy in unike Fryske kultuer en bybehearrende taal hawwe. Wy fermimme dat it bedriuwslibben dêr al hieltyd mear op ynspilet, troch mei typyske streekprodukten, sûvenirs en oare feiten oer ús gemeente te kommen. De gemeente fynt it belangryk om syn wurdearring dêrfoar te uterjen en it belang fan it fuortsetten fan dy meartalige ûntwikkeling te beklamjen en te stimulearjen.

8.1. Bedriuwslibben

It Frysk yn it bedriuwslibben is minder taastber as bygelyks it Frysk yn it ûnderwiis, it bestjoerlik ferkear of it rjochtsferkear. Hoe belangryk oft de Fryske taal foar bedriuwen is, hinget der ek fan ôf op hokker merk sy wurksum binne. Foar bedriuwen dy't ynternasjonaal oriïntearre binne, is it Frysk minder oantreklik as foar bedriuwen dy't op lokaal nivo wurksum binne. Krekt foar lokale bedriuwen kin it Frysk in belangrike rol spylje yn it klantekontakt en de bining mei de omjouwing.

De Afûk hat projekten wêrby't it Frysk yn it bedriuwslibben stimulearre wurdt. As gemeente wolle wy dêryn in fasilitearjende rol spylje. Bygelyks troch ynformaasje oer it Frysk yn nijsbrieven of ynformaasjemagazines op te nimmen. Dêrneist wolle wy in priis ynstelle foar it meast Frysktalige bedriuw, om op dy manier it Frysk yn it bedriuwslibben te stimulearjen.



8.2 Rekreaasje en Toerisme

Benammen op plakken dêr't ek in protte minsken fan bûten ús gemeente komme, fine wy it belangryk om de Fryske taal en kultuer sjen te litten. It feit dat wy yn de gemeente Noardeast-Fryslân meardere eigen streektalen hawwe, jout in sterke kulturele identiteit. Trochdat it Frysk sichtber is by bedriuwen, kulturele ynstellingen en yn de iepenbiere romte, hat ús gemeente in bepaalde oanlûkingskrêft. Om dy oanlûkingskrêft te fergrutsjen, wolle wy as gemeente de fanselsprekkendheid fan it Frysk fergrutsje yn dy sektor. By nije projekten wurdt sjoen oft de Fryske taal in rol spylje kin, bygelyks by fyts- en kuierrûtes.

Beliedsfoarnimmens Bedriuwslibben en toerisme

-  Bliuwend omtinken foar it Frysk yn it bedriuwslibben en toerisme.
-  By nije toeristyske projekten besjen oft de Fryske taal in rol spylje kin.
-  In priis ynstelle foar it meast Frysktalige bedriuw.

9. Beliedsfoarnimmers en Finânsjes

Finansiering fan besteande aktiviteiten wurdt dien fanút besteande budzjetten. Sa is der jierliks in bedrach beskikber foar de kursussen foar ynweners fan de Afûk en foar it Tomke-projekt. Subsydzje foar projekten en aktiviteiten dy't foar ien kear organisearre wurde, komme no foar rekken fan it budzjet keunst- en kultueraktiviteiten. Fia it opliedingsbudzjet fan de organisaasje kinne wurknimmers kursussen Frysk folgje.

Yn it ûndersteande oersjoch steane de nije beliedsfoarnimmers foar de kommende perioade (2020-2026) en de budzjetten dy't nedich binne foar de útfiering. It taalbelied wurdt yn 2024 evaluearre en wannear't dat nedich is, wurdt it belied oanpast.

Nije beliedsfoarnimmers	Budzjet
Taalsituaasje	
It oanbieden fan kursussen Frysk foar it personiel wurdt fuortset. Alle jierren wurde der trije kursussen organisearre. It doel is om it oantal meiwurkers dat it Frysk ferstiet, praat en lêst op itselde nivo te hâlden (enkête 2018). It stribjen is om it oantal meiwurkers dat goed Frysk skriuwe kin te ferheegjen.	Opnaam yn it sintrale opliedingsbudzjet.
- In wurkgroep Frysk en Streektaalen ynstelle en in budzjet beskikber stelle foar it útfieren fan projekten. - Bliuwend oandacht foar streektaalen.	€ 2.500
Yn 2024 is 10% fan de skriftlike kommunikaasje yn it Frysk.	
- By klantekontakten is de taalkar fan de klant beskiedend. - Alle ynkommende Fryske brieven en berjochten wurde yn it Frysk beäntwurde. - Ien kear per jier in kampanje organisearje wêrby de Fryske taal sintraal stiet (Fryske wike).	€ 500
- Yn publikaasjes, parseberjochten, sosjale media en de website mear omtinken foar it Frysk. - Foar bepaalde funksjes kinne easken jilde as it giet om de behearsking fan de Fryske taal (ferstean, prate, lêze, skriuwe).	
It presidium freegje it gebrûk fan de Fryske taal op de aginda fan it presidium te setten, om te bepraten hoe't de ambysje om mear Frysk te brûken by de riedsgearkomsten stal jûn wurde kin.	
It Frysk sichtberder te meitsjen yn de iepenbiere romte.	
Underwiis	
- Stimulearje dat alle foarskoalske foarsjenningen yn 2024 meartalich binne. - It oantal trijetalige basisskoallen is yn 2024 ferdûbele.	
Skoallen stimulearje om harren oan te sluten by it Netwurk Meartaligens.	
It projekt 'Jou in bern in boek' te kontinuearjen.	€ 7.500
In subsydzjeregeling foar skoallen opsette.	€ 5.000
In priis ynstelle foar it bêste Frysktalige wurkstik fan in learling fan it fuortset ûnderwiis.	€ 500
Workshops Frysk organisearje foar de redaksjes fan doarprkranten en websiden en in priis beskikber stelle foar it bêste frysktalige stik.	€1.000
Soarch en wolwêzen	
Bliuwend omtinken freegje foar it Frysk by organisaasjes foar soarch en wolwêzen.	
Bliuwend omtinken freegje foar it Frysk by de ynterne teams dy't belutsen	

binne by soarch en wolwêzen (û.o. gebietsteams	
Kultuer	
 Bliwend omtinken freegje foar de Fryske taal yn oerlizzen mei kultuerorganisaasjes.	
 In subsydzjeregeling meitsje foar projekten dy't ferbân hâlde mei de Fryske taal.	€ 5.000
 It projekt 'Lês en Read' evaluatearje en by goed resultaat kontinuearje.	€ 3.000
Bedriuwslibben en toerisme	
 Bliwend omtinken foar it Frysk yn it bedriuwslibben en toerisme, by nije toeristyske projekten besjen oft de Fryske taal in rol spylje kin.	
 In priis ynstelle foar it meast frysktalige bedriuw	€ 1.000
Totaal	€ 26.000

Foar de útfiering fan de beliedsfoarnimmers is in struktureel budzjet nedich fan € 26.000,-. Dat budzjet sil fia de begruttingsried oanfrege wurde.